


Laurentien van Oranje

Lizzy van Pelt





Kolofon

Laurentien van Oranje en Lizzy van Pelt: Wurdkeunst. Op it Poadium diel 1

ISBN 9789085168027

NUR 200 – Berneboeken algemien

Leeftiidsyndikaasje: groep 4-5

Yllustraasjes en foarmjouwing: Marion Vrijburg

Oersetting: Lida Dykstra

Dizze publikaasje is mooglik makke troch de Bibliotheek Noord Fryslân en de provinsje Fryslân.

www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl

© 2024 Utjouwerij B for Books B.V. Hilversum

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, scan, mikrofilm of op hokker oare wize dan ek sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

Ynhâld

Mei-inoar teäterlêze	5
De Taalskat	11
Leaf	19
Klam	25
Roek & mol	33
Lym	41
Metafoar	47
Assosjearje	55
Inktfluencer	65
In apart pear	71
In mop	75
Alfabet	83
Taalschatten	88

Mei-inoar teäterlêze!

Mei-inoar teäterlêze is mei in ploechje foarlêze oan in publyk. Do lêst foar mei in maat of freondintsje, mei mem of heit of mei bern út dyn groep. Of miskien wol pake of beppe wol meidwaan!

By teäterlêzen lêst foar mei it boek yn de hân.


Hoechst gjin spesjale klean oan te lûken, of in achtergrûn te hawwen. It iennichste datst nedich hast, is dyn stim, en in publyk fansels.

Ferjit net nei ôfrin djip te bûgen.

It applaus is foar dy!

Yn dit boek steane alve ferhalen mei twa, trije of fjouwer rollen.

Boppe elk nij ferhaal kinst sjen watfoar rollen der binne.





Rin mei-inoar it poadium op. Do hast dyn boek yn 'e hân en dyn finger tusken de siden dêr'tst begjinne wolst.



Stel jim foar oan it publyk, fertel hoe't it ferhaal hjit en wa't watfoar rol lêst.



Soms is it nedich om hiel koart wat oer dyn personaazje te fertellen, lykas by it ferhaal 'Lym'
De keunstner nifelet de hiele dei.
De skriuwer hâldt fan ferhalen skriuwen.



Faak sjochst in koarte ynlieding by in ferhaal.
Praat fan tefoaren ôf wa't dat foarlêst.



Hâld it boek sa dat it publyk dyn gesicht noch sjen kin.

As it ferhaal út is en it publyk foar jim klapt, meitsje dan in djippe bûging.



sjongen

prinses

Leaf aardich skattich hertlik freonlik sjarmant...

TAAL
SCHATTEN

D₂

W₄

U_A

R₁



De Taalskat



Yn Loailletterlân is taal ôfgrysluk belangryk. Alle jierren op de earste dei fan de earste moanne wurdt in Taalskat fol nije ferhalen, ferskes, raps, poëzy, letters, rymkes en lietsjes iepenmakke troch de kening. Dit jier ek. Mar... wêr is de kaai?

Werkensto prinses Laurentien yn dit ferhaal? Dan lêsto no in echt kaaiferhaal!

In kaaiferhaal is in ferhaal dêr't echte minsken in rol yn spylje ûnder in oare namme en soms sels yn 'e foarm fan in bist of in ding.

Kening



It is de lêste dei fan de lêste moanne fan it jier. Moarn mei ik de nije Taalskat iepenmeitsje, mar wêr is dy ferhipte kaai?

Keningin

Hoe sjocht de nije kaai derút?
Wie de foarige net yn de foarm fan in J?
Dan moat de nije kaai de foarm fan in K ha.

Prinses

Ik ha wol in K sjoen tusken de letterfermiselly yn
myn sop.
En de konifear neist de fiver is ek snoeid yn de
foarm fan de letter K.
Mar in kaai ha ik net sjoen.



Kening

Sûnder it iepenmeitsjen fan de nije Taalskat is
ús moaie Loailletterlân gjin Loailletterlân mear!
Dit rint út op in katastrofe!

Keningin In ramp!

Kening
Dat sis ik!
Dan bliuwt alles by it âlde.
Mar taal libbet!
Wurden dy't net in soad brûkt wurde ferdwine,
en der komme nije wurden by.
En de minsken wolle har fermeitsje mei nije
ferskes, ferhalen, rymkes en poëzy!

Keningin Gedichten!



Kening
Dat sis ik!

Prinses
Gjin panyk. Wy ha noch in dei om de kaai te
finen.
Hat heit al yn de letterbak sjoen?

Kening
Fansels, dat wie it earste plak dêr't ik socht ha.
Ik ha dy hiele bak trochspit, fan A oant Z.

Taalschatten

Yn dit boek bist in soad Taalschatten tsjinkommen. Ik hoopje datst it moai fûnst! Fernimst fêst alle dagen hoe belangryk taal is. En it leit sels de basis foar sukses en gelokkich wêzen! Dêrom wurkje we der mei in hiel soad minsken sa hurd oan dat alle bern, ja echt álle bern, de kâns ha om goed te wêzen yn taal.

Dat is bêst in grutte put en dêr kin ik dyn help goed by brûke. Hast noch in lyts broerke of suske? Praat dan safolle mooglik mei harren, ek al binne se miskien noch te lyts om wat werom te sizzen. Want hoe mear wurden en sinnen dyn broerke of suske hearre as se noch hiel lyts binne, hoe makliker it skielk op skoalle giet. Wy neame dat taalwinning. Dat is in superkracht dy't derfoar soarget datst de taal om dy hinne learst te begripen. It helpt dy om freonen te meitsjen, sûn te bliuwen, te praten oer watst tinkst en fielst en letter in moaie baan te finen!

Help mei en jou dyn superkracht troch oan oaren, want sa wurdt elkenien sterker yn taal!

Prinses Laurentien
Inisjatyfnimmer Taalschatten

